

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhâld

Oktober 2024

Beste kriteleden en freonen	2/3
Ferslach fan de jiergearkomste fan 3 oktober '24	4/5
Trochstreekpuzel	6
De wurklist winterskoft 2024-2025	7
De RABO ClubSupport	7
Earste grutte jûn Film De DREAM	8/9
Ofskie Douwe Hoekstra	10/11
Stampotbuffet [Pôtiten]	12
Ledeberjochten	13
Frysk Folkslied	14
It fjoer fan de Friezen	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

KvK. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL 54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.frl

Oan ús kriteleden, freonen en stipers.

Noch mar krekt is it earste
krantsje fan de krite "Troch de
Tael Forboun" op de matte fallen
en dêr is nûmer twa alwer.

De ledegearkomste wie goed
slagge. De bôle en dúmkes
smakken tige en wiene gau ferkocht. Frou de molenaar út
Wytmarsum hie it moarns farsk bakt.



Sa 'n simmerskoft is dan ek samar om. No stoarmje de
hjerstwinen wer om hûs en hear. Alles hat lykwols syn sjarme.
Jûns lekker mei in boek of spultsje. Dan is in kritejûn ek wer
gesellich.

It bestjoer fan de krite noeget in elts út foar de earste jûn. Dizze is
sneon 2 novimber jûns 20.00 ûre, yn de
Huesmolen te Hoarn.

Wy hawwe in moaie, Fryske film fûn " De Dream."

It falt net ta om foar de earste jûn wat te finen.

De toanielploegen begjinne septimber te repetearen.

En wy hawwe ferskate koaren en kabaret ploegen belle of in mail
stjoerd. Mar 2 novimber binne se al earne oars.

Sliepeleaze nachten hawwe guon fan it bestjoer hân.

Mar de Dream brocht útkomst. Der wurd spile troch û.o.

Peter Tuinman en Huub Stapel en is makke troch Peter Verhoef.

Der is in Nederlânske ûndertiteling.

We hawwe de tagongsprizen oanpast.

Dinie Boonstra soarget foar in moaie prizetafel en de seal priis.

Jimme lêze wol, we sitte net stil!

En ja, dan hawwe wy wat nijs: It stamppôt buffet.

Op 11 jannewaris fan 16.00 ûre oan't 19.00 ûre meiinoar ite.

We kinne elkoar dan ek it bêste foar 2025 winskje.

Wy dogge it op de neimiddei , dan kin eltsenien komme.

Om it slagje te litten wolle wy graach witte wa't komme.

Leafst alle leden fansels, mar nim ek goekunde mei.
 Opjaan kin al op 2 nov. Mar ek kin it oant 30 novimber ta. Wat is it
 gesellich om mei elkoar to iten en freonskippen wurde sletten.
 Ek no binne de prizen oanpast.: 7,50 foar de leden en 10,00 euro
 foar net leden.
 Op in oare side yn it boekje stiet der fan alles oer.
 Ek in ynhâld fan de film.
 Ik hoopje in moai rûgeltsje minsken op ús jûnen te sjen.
 Oant 2 novimber 20.00 ûre yn de Huesmolen te Hoarn.

Waarme groetnis:
Tiny Dijkstra de Vries



Hjerst

*Aanst in keale beam
 Mei it deade blêd flodderet
 in moskje mei,
 sjit fuort wer omheech
 Beam, keal en neaken.
 It lêste bledsje ôfskuord troch
 de winterwyn
 It jûnsljocht dôvet.
 Twirjend risselet de wyn troch it
 toarre blêd
 Witewolkejacht.*

Skriuwer ûnbekend

Koart ferslach fan de jiergearkomste fan 3 oktober 2024

We kinne werom sjen op in tige noflike jûn mei neist it bestjoer 13 leden.

De foarsitter iepent efkes nei achten de jûn. Hja wiist er op dat it in great probleem is om foar de earste grutte jûn in toanielselskip nei Hoarn te krijen. Der is eins gjin selskip dat in toanielstik de simmer oer tilt. Meastentiids is it jannewaris eardat de selskippen ree binne om it lân yn te gean. Wy hawwe foar 2 novimber noch neat. Om't it foar sommige minsken beswierlyk is om op jûn nei Hoarn te komme hawwe we op 11 jannewaris op 'e lette middei in stampopotbuffet. It bestjoer hat besletten om de tagongs priis foar in grutte jun en it ledejild net te ferheegjen.

It ferslach fan 'e jiergearkomste fan septimber 2023 stiet yn it boekje. Der binne gjin fragen of opmerkings. Dit jild ek foar it koart ferslach fan it jier 2023-2024.

By de gearstalling fan it bestjoer is in fakatuere kommen no't Douwe ophâld. Der binne gjin nammen binnen kaam by it bestjoer en ek no seit nimmen dat er wol in sit yn it bestjoer ha wol. It bestjoer giet fjirder mei 5 minsken.

It finansjeel oersicht leart us dat we rom €660 yntarre. De ynkkomsten troch ledejild, opbringst ferlotting en tagongsjild by grutte jûnen wurd minder, wylst de kosten fan selskippen en sealhier wol oprinne.

Sa as de foarsitter yn har iepeningswurd al sei, hawwe we gjin toaniel of kabaret op de earste grutte jûn. Ek koaren binne net frij sadat we nei alle gedachten de film "De Dream" sjen litte.


Foar 11 jannewaris stiet in stampopot buffet op 'e wurklist. Dit giet troch as we minstens 30 iters ha. Yn febrewaris stiet in lytse jûn op de wurklist. Sprekker is dan Tjeerd Dykstra.

Foardat we skoft hawwe betanket de foarsitter Douwe foar it wurk dat er dien hat foar it bestjoer. Douwe wie in "doener". Yn it ferline hat er jieren spiele by de toanielploech fan Hoarn. Ek is hy doe mei nei Kanada west. De foarsitter oerlanget him in slokje en betinkt Afke mei in bosk blommen.

Nei it skoft is it wurd oan Menno de Vries fan Wytmarsum. Hy fertelt oer it oergraen fan de minnisten dat (nei sa'n 500 jier) werom kaam yn Wytmarsum nei omtoarkjen yn Dútslan, Poalen, Oekraïne, Ruslân en inkelde staten yn Noard Amerika en Kanada. Yn Wytmarsum wurdt it Turkey Red Wheat no op in stik groun fan Menno de Vries ferboud, mealt yn 'e mûne fan Wytmarsum en dan troch de mûnder bakt ta Menno bôle.

De minsken sieten mei iepen earen nei Menno te lústerjen. Nei syn ferhaal koene de minsken bôle en dúmkjes keapje. Al mei al in tige slagge jûn.

Skriuwer Jan Vogel



Trochstreekpuzel [tema: bisten en natûr]

Sykje de wurden op yn de puzel. De letters steane fan links nei rjochts en oarsom, fan ûnderen nei boppen en ek diagonaal. Letters kinne meadere kearen brûkt wurde. De letters dy't oerbliuwe foarmje de oplossing.

W	R	E	D	N	Y	H	M	O	A	W	I	W	A
H	I	N	N	E	P	Y	K	J	E	I	R	T	S
C	S	N	O	E	K	A	R	T	Z	E	M	U	N
R	R	A	T	B	T	M	T	B	Z	A	M	L	B
A	E	O	A	E	E	E	O	R	A	A	M	U	T
A	G	H	L	R	R	A	E	L	H	A	O	S	R
B	A	U	J	H	R	S	M	F	B	R	R	I	N
L	A	E	U	R	O	E	W	A	K	E	K	C	G
E	I	N	E	P	Y	K	J	E	J	E	W	E	H
K	S	G	D	E	E	K	R	H	L	L	I	O	M
I	Y	D	I	I	T	I	A	M	A	T	J	O	K
T	K	R	E	J	J	H	K	N	E	K	S	I	F
S	J	D	R	E	M	M	I	S	K	K	A	J	P
G	E	G	G	I	B	E	N	N	B	O	L	L	E

aaisykje	einepykje	hikke	keal	mosk	stikelbaarch
baarch	fisken	hin	ko (5x)	mûs	strie
beam	geit	hinnepykje	koweblomke	raam	sweltsje
bigge	gers	hjerst	laam	rikel	teefke
boarre	greide	hoanne	ljip	simmer	wetterhûn
bolle	hazze	hynder	maitiid	skiep	winter
buorkerij	hea	jerk	merje	snoek	ûle

Ut it Lyts Frysk puzel boek

De wurklist foar it kommende winterskoft 2024-2025

2 novimber 2024	1e grutte jûn
11 jannewaris 2025	stampopotbuffet (middeis)
14 febrewaris 2025	lytse jûn
22 maart 2025	2e grutte jûn

RABO ClubSupport 2024



De Rabo ClubSupport hat wer jild opsmitten, in moai bedrach fan €100.00.

Eltsenien, dy't op ús stimd hat of stimme litten hat, fan herte betanke!

Popke Slange

Harmke Burggraaff



**Rin net foar my út,
miskien kin ik dy net folgje...**

**Rin net efter my,
miskien kin ik dy net liede...**

**Rin neist my,
wy hawwe inoar nedich
as freonen en leafsten!!!!!!**




1^{ste} Grutte jûn

Utnoeging

foar de fertoaning fan de
de Fryske film

De Dream

Op 2 november yn
'Cultureel Centrum
de Huesmolen'
Oanfang 20.00 oere



De Dream *Een film fan Pieter Verhoeff*

De Dream is it leafdesferhaal basearre op wiere feiten fan Wybren Hogerhuis (Peter Tuinman) en Ymkje Jansma (Joke Tjalsma). Ymkje sjocht de man fan har libben yn Wybren, mar Wybren tinkt der oars oer. Hy fersmyt har úteinlik.

As der op de pleats, dêr't Ymkje húshâldster is in wrede oerfal dien wurdt, sjocht Ymkje kâns op wraek. Sy jowt by de rjochtssitting oan dat se Wybren en syn bruorren werkend hat as de ynbrekkers yn de pleats fan Haitsma. Ek om't de oerheid oan 'e ein fan 'e njoggentjinde ieu gjin belangstelling hie foar sosjalisten lykas de bruorren Hogerhuis, wurde se ferkeard feroardiele. De freonen út de sosjalistyske beweging litte de bruorren Hogerhuis ek sitte, om't de echte dieders diel útmeitsje fan dy beweging. Sille de bruorren har ûnskuld ea bewize?

De film waard bekroane mei in Gouden Keal foar de bêste akteur (Peter Tuinman) en in Gouden Keal foar de bêste bewurking.

Spylers oa, Peter Tuinman, Huub Stapel, Joke Tjalsma en Freark Smink.

Tagongspriis: Leden € 2,50
 Net leden € 5,00

Yn it skoft is der in ferlotting en jo hawwe altyd priis!

*Verstaat u het Fries minder goed:
De film wordt Nederlands ondertiteld!*



Ofskie Douwe Hoekstra



Op de jiergearkomste fan 27 septimber is ôfskie naam fan Douwe Hoekstra as bestjoerslid (2e foarsitter) fan ús Krite. De heechste tiid foar de redaksje om Douwe en Afke te besykjen. De ferhalen kamen by in lekker bakje kofje en in stik heerlijke gemberbûterkoeke.

It begjin.....

Douwe waard berne yn Starum, syn heit hie in busbedriuw, dêr't letter mei oaren de Sudwesthoeke út ûntstien is. It is dan ek net sa frjemd, dat Douwe in autotechnyske oplieding yn Apeldoorn folge hat.

Afke waard berne yn Aldegea W, har âlden hiene in pleats. Se troffen elkoar troch mienskiplike freonen en trouden yn oktober 1963. Ferline jier fierden se har 60-jierrich houliksjubileum. De foto by dit artikel is fan it feest.

Harren earste wenplak wie Marum. Douwe wurke yn it busûnderhâld by Esa en Afke wie fanwege harren houlik ûntslein by PEB, sa wie it doe. Nei omswalkjen troch Emmeloord en Appingedam kamen se úteinlik yn Hoarn telâne. Douwe begûn te wurkjen as learlingkonsulint foar Noard-Nederlân. Hy die dat fanút Amsterdam. Hy begeliede studinten dy't wurken by bedriuwen foar autotechnology.

Afke wurke yn in stoffenwinkel om sa yn 'e kunde te kommen mei minsken yn Hoarn. Yntusken is se ek begûn as pedikure by Avondlicht. Letter fertelde immen dêr ,dat de soarch har goed lei en dat hat se 20 jier lang mei in protte wille dien, ek yn Avondlicht.

De Fryske Krite.....

Dat se by de Krite telâne kommen binne, komt troch Henk en Tiny Hemke. Afke hie in bril nedich, se gongen nei de Optiek fan Henk en Tiny Hemke en waarden oerhelle lid te wurden fan de Fryske Krite.

Dat wie in goede set. Se fielden har dêr al gau thús. It is dêr gesellich en de memmetaal soarget foar in bân. De Krite hie doe in eigen toanielselskip en Douwe begûn mei te spyljen. Hy hat spile yn in protte toanielstikken. De moaiste rol dy't er spile wie de haadrol yn it stik 'Pake'. De stikken waarden hjir en dêr yn it lân opfierd. It dekor gie mei yn 'e auto.

In hichtepunt wie, dat it toanielselskip útnoege waard om op te treden yn Kanada. Se waarden útnoege troch in nicht fan in Krite-lid, dy't ek foar ûnderdak soarge by Fryske húshâldings yn Ontario. De partners mochten ek mei, mar die moasten de reis sels betelje. Se ha dêr twa kear optreden.

Douwe waard yn 2013 bestjoerslid, mar Afke wie ek in skoft bestjoerslid. Douwe ûnderhold kontakten mei de Huesmolen en soarge derfoar dat de seal yn oarder kaam.

Nei syn pensioen begûn Douwe mei frijwilligerswurk. Sa ried er op de Buurtbus en wie hy 'Notabel' by de Stichting Behoud Hervormde Kerk Zwaag.

Douwe is no 86 jier en lyk as hy sei :‘it is tiid om te stopjen as bestoerslid by de Krite’. Op de jiergearkomste hat ús foarsitter Tiny him en Afke betanke foar alles wat se foar de Krite dien hawwe. Der wie in flesse Beerenburg foar Douwe en in prachtich boeket blommen foar Afke.

Douwe en Afke, út namme fan alle leden fan de Fryske Krite Hoarn, tank foar jim ynset foar de Krite. Fansels hoopje wy dat wy jim noch lang treffe kinne op ús moaie jûnen.



Stampotbuffet [Pôtiten]



Wannear: 11 jan. fan 16.00 ûre oan't 19.00 ûre

Wêr: De Huesmolen

€7,50 foar leden en €10,00 foar net-leden.

Ynkl. In bakje kofje as tee nei. Wetter is om 'e nocht.

Oare drankjes binne foar eigen rekken.

Gesellich om mei elkoar te iten

en elkoar dan ek it bêste foar 2025 ta te winskjen.

Om it slagje te litten wolle wy graach witte wa't komme.

Leafst alle leden fansels, mar nim ek goekunde mei.

Der binne twa soarten stampotten: Hutspôt en Boerekoal.

Ek foar fegetariërs.

Opjaan kin al op de grûte jûn fan 2 nov.

Mar it ek kin oant 30 novimber by ús skriuwer:

Jan Vogel, tel. 0229-234012

of per mail yellowbirds53@gmail.com

Ledeberjochten:

De gearkomsten fan de krite wurde hâlden
yn **Wijkcentrum De Huesmolen**,
De Huesmolen 60, 1625HZ Hoorn.
Tel: 0229-234390

Lidmaatskip en Tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is €15,00 foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden €5,00 en foar net leden €12,50. De lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinnen jo dwaan by de ponghalder, Popke Slange.

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinnen de sealpriis winnen as jo yn e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmmer dat kâns jout op de sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean út in blomke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinnen yn it skoft lotten keapje. Ien pakje fan 10 lotsjes foar €5,00. Altyd priis.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinnen kontakt opnimme mei ús skriuwer Jan Vogel
Till.: 0229-234012

Lief en Leed:

Lief en Leed berjochten kin jo trochjaan oan ien fan de leden fan it bestjoer.

FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!

Refrein: Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



It fjoer fan de Friezen

Ha jo it sjoen?



De prachtige dokumintêre wêryn Huub Stapel en Nynke de Jong yn fiif ôfleverings sykje nei de oarsprong fan de Fryske identiteit. De Friezen regearen op it wetter en der waard Frysk praat fan Denemarken oant België. De Friezen bleauwen, mar harren macht ferdwûn. Hoe koe it Fryske folk iuwenlang sa'n ynfloed hawwe?

Olevering 1. Wetter - de oarsprong

Wie wetter de oarsprong fan de Friezen? Fan terp oant skûtsje.

Olevering 2. Loft - frijheid

Wie der frijheid yn de loft by de Friezen?

Oflevering 3. Fjûr - de ynspiraasje

Huub en Nynke ûntdekke mear oer de ynspiraasje fan de Friezen, dy't yn earste ynstânsje opkomme tsjin de ynfloed fan it kristendom.

Oflevering 4. Ierde - it lânskip

Huub en Nynke ferdjipje har yn de stambeam fan de bekende swartwite kij. Hoe Frysk binne dy kij eins?

Oflevering 5. Ljocht - it heitelân

Is it ljocht yn it Fryske Heitelân foar Nynke wat oars? Huub leart syn earste wurden yn it Frysk.

As jo it net sjoen hawwe, kinne jo de ôfleveringen fan Het Vuur Van De Friezen noch besjen op NPO Start.



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail: ak.dykstra@quicknet.nl

Ponghâlder en Popke Slange
Lede-administraasje: Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkenrenske@gmail.com

Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 0229-238284
e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl

Redaksje Krantsje: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Paul Burggraaff
Till.: 06-53211437
e-mail: pc.burggraaff@quicknet.nl

Eareleden: Popke Slange

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn